



**Ut 'e Pinne**  
**Ferienigingsblêd fan it Frysk Selskip**  
**'Fier fan Hûs' Apeldoorn**  
**Sûnt 9 desimber 1901**



**58<sup>e</sup> jiergong nr 2 – febrewaris 2025**

# Personalia

## Eareleden

Aafje Miedema - Loonstra.

Hennie Wiersma - Wiersma

Lammert Toering

Theun Ruim

## Bestjoer

Foarsitter: Henk de Boer

De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen  
06-53929111 [henkank.deboer48@kpnmail.nl](mailto:henkank.deboer48@kpnmail.nl)

Skriuwer: Gerrit Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,  
055-3556700  
[fierfanhus.apeldoorn@gmail.com](mailto:fierfanhus.apeldoorn@gmail.com)

Skathâlder: Piet Ypma

Croddendijk 3, 7434 PM Lette  
06-22898901 [p.n.ypma@planet.nl](mailto:p.n.ypma@planet.nl)

2<sup>e</sup> Foarsitter:

fakatuere

Lid: Froukje de Wilde – Witteveen

Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek  
0313-654859, [witwil1940@gmail.com](mailto:witwil1940@gmail.com)

Lid / ferlotting: Lammert van der Meulen

De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen,  
055-5341500  
[lammervandermeulen@kpnmail.nl](mailto:lammervandermeulen@kpnmail.nl)

Lid gastfrou: Atsje Roorda - Kooistra

Karel de Grotelaan 221, 7415 LV Deventer  
0570-591174

## Kritemeilibjen

It Kritemeilibjen wol graach op 'e hichte hâlden wurde fan sykte, ûngemak, en jubileums. Dan kinne wy meilibje troch in tillefoantsje, in kaartsje of in bisite.

Hennie Wiersma

Waagmeesterhoeve 509, 7326 RZ Apeldoorn,  
055-5337614

Jose Bonder

Arbeidstraat 12, 7311 CT Apeldoorn,  
055- 5223656

Sietske Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,  
055-3556700

Foto foarside: fontein Drylst, ûntstjerlike blommen

Yn de lêste Pinne skreau ik dat wij alwer los wienen mei ús kriteaktiviteiten. No giet it alwer nei it ein fan it krites seizoen. Mar earst noch de kritermiddei op 7 maart en ús jiergearkomste op 12 april. Fierderop yn dizze Pinne kinne jo lêze wat wij jo oanbiede sille op dizze beide datums.

De kritermiddei fan 28 oktober, mei de foarstelling “Alles went behalve een vent” fan selskip Fjoer, en de nijjiersbesite op 11 jannewaris wienen neffens mij slagge. It buffet hienen wij dizkear besteld bij in keteraar. Dat wie prima fersoarge. Bouke Kooiker soarge derfoar dat de stimming der goed ynsiet.

Sadichoan komt ús 125 jierrich jubileum yn it sicht. Yn 2026 is it safier. As bestjoer tinke wij deroer nei hoe't wij dat fiere sille. Mar ideeën binne wolkom. Dus ha jo in aardich idee, jou it troch oan it bestjoer.

Hienen wij by de nijjiersgearkomste noch gjin idee hoe't it mei it behear en de iepenstelling fan it Ugchelens Belang gean soe, wij kinne no ús kritermiddei fan 8 maart yn it Ugchelens Belang hâlde. Lammert hat regele dat wij dêr terjochte kinne. In forromming; de Duiker is in moaie seal, mar net geskikt foar in toanielfoarstelling.

It is tachtich jier lyn, dat de oarloch ta in ein kaam. Dêrom wurde yn Ljouwert 36 Stolpersteine (stroffelstiennen) lein. Uteinlik moatte dat mear as 600 wurde, troch de hiele stêd. Dit om it grutte tal joodske minsken te betinken, dy't yn de oarloch fermoarde binne. It hiele jier sil yn it teken stean fan it ein fan de oarloch.

Wij ride geregeld nei ús soan, skoandochter en bernsbarn yn Fryslân. Sij wenje yn Tsjom, op de grins mei Wommels. Dan ride wij troch de Margrietunnel. Wat in gigantysk karwei is dêr oan 'e gong om de tunnel wer stabiel te krijen. It wurk hat lang duorre mar is no hast oan 'e ein.

Dit jier gjin Alvestêdetocht en ek gjin alternative Alvestêdetocht. Dat der gjin Alvestêdetocht yn Fryslân op redens komt, leit yn de rede. Mar dat de alternative op de Weizensee ek net trochgiet is in ferrassing. Der falt dêr in soad reinwetter wertroch it iis net mear fertroud is, al leit der 30 cm iis.

It treinstasjon yn Mantgum wurdt neamd as it noflikste stasjon yn Fryslân. De reizgers jowe stasjon Mantgum in 8.1. It Hearrefean en Frjentsjer binne de minsten neffens de treinreizgers; dy krije fan harren in 6.9 en in 6.8. As jo dit sels ûnderfine wolle, moatte jo in treintrûtsje troch Fryslân meitsje.

Rotterdamse kninen op Flylân dogge it goed neffens omrop Fryslân. It tal kninen wurdt grutter. De Rotterdamse kninen komme fan de Maasvlakte. Dêr hienen se genôch. Mei de pear Flylânske kninen dy't der noch wienen soargje se foar in soad jongen. As it mar net gelyk wurdt oan de sizwize: “it is by de kninen omt ôf”.



## Fan de bestjoerstafel

Gerrit Stegenga

No, we binne wer los yn it nije seizoen. It is wat winterich en, foar myn betinken, moai waar. It sintsje skynt en eltsenien is wer op 'e trie, nei al dat wetter, dy mist en dy wolken.

Wy begûnen it kritejier mei de nijjiersbesite op 11 jannewaris. De opjefte kaam wat let op gong, mar úteinlyk wienen der sa'n 28 minsken te iten. It wie tige gesellich. Spylman Bouke Kooiker brocht de stimming der goed yn, mar der wie ek genôch tiid om by te praten. En dat is fansels tige wichtich.

Omt de fersprieding fan de lêste kritebrief net yn alle gefallen goed gongen is, hat it bestjoer besletten om tenei de brief fia de post te ferstjoeren oan leden dy't gjin e-mail hawwe.

### Foar it bûsboekje

Wy kinne dit jier wer yn Ugchelens Belang terjochte foar de toaniel- en kabaretmiddeis.

De earste kritemiddei stiet al op 'e priemmen:

- 08-03-2025 Toanielmiddei yn Ugchelens Belang; foar ús sil spylje de teatergroep 'Lytse Komeedzje', mei it stik 'Fan hûs en hiem'. We begjinne om 14.00 oere en de seal is in heal oere earder iepen.

- 12-04-2025 Ledegearkomste yn de Duiker; we begjinne om 14.00 oere en de seal is in heal oere earder iepen. Op dizze gearkomste sille wy it ek hawwe oer ús 125 jierrich bestean yn 2026. In goede reden dus om te kommen en om mei te praten.

Nei ôfrin komt fr. Sippy Tichelaar te sprekken oer har boek 'Sippersfrou'. Sippy is bekend fan har kommentaar-jaan by it skûtsjesilen.

- 17-09-2025 Kritemiddei yn de Duiker. Earst efkes mei de kontaktpersoanen en dernei mei alle leden. Oer de ynfolling komt noch wol berjocht.

- 25-10-2025 of 01-11-2025: Kritemiddei mei toaniel of kabaret. De ynfolling folget noch.

### Kriteleilbjen

Yn de ôfrûne tiid binne twa leden ferstoarn:

- op 15 septimber dhr. Jouke Kooistra, yn de âldens fan 85 jier.

- op 3 desimber fr. Mieke v.d. Sloot, yn de âldens fan 98 jier.

De krite hat troch it stjoeren fan in kaart of it oanwêzich wêzen by de kondoleânsje har meilibben toand.

Troch ferhúsjen en ferstjerren hat de krite op dit stuit noch 81 leden.

### Saken út it Keninklik Frysk Boun om Utens

Op 29 maart 2025 wurdt de Algemiene Gearkomste fan it Keninklik Frysk Boun om Utens hâlden, yn Kongressintrum 't Veerhuis, Nijmonde 4, 3434 AZ Nieuwegein.

Tidens de AG sil de **Takomst fan it KFBou** oan 'e oarder komme - wichtich genôch om der dan by te wêzen.

Gastsprekker op de MYM: de foarsitter fan de Fryske Beweging, dhr. Sj. Bruinsma.


Ofsluting fan de dei wurdt fersoarge troch de gastkrite 'Mei inoar Ien' fan Utert/Seist mei it Teaterduo "Klún en Knoffelhakke".

Mear ynformaasje komt noch yn 'It Ambyld', de wurklist foar de AG.

## De hjerring op it Amelân

út Fryske folksferhalen Waling Dykstra

Op it strân fan it Amelân wie earder safolle hearring, dat men de fisk betiden mei de hân fange koe. Sa waard op it eilân in soad jild fertsjinne. Mar dit makke de ynwenners op in duur soargeleas. Se fûnen dy oerfloed fan hjerrings ferfelend en giselden de bistkes mei reiden om se te ferdriuwen. De hjerring rekke fuort, kaam noait werom en sa kaam der in soad earmoed op it eilân. En optheden wurde der nog wolris hjerrings fongen mei strimen op it liif.



## Frieze-producten.nl

Online Friese kado's

Kado's  
Kalenders  
Sleutelhangers  
Wenskaarten  
Shirts  
Vlaggen • Stickers • Agenda's  
Truien • Sokken • Handdoeken  
Sjaals • Mutsen • Glazen  
Mokken • Snoep en ...  
*nog véél meer!*

Webwinkel met meer  
dan 500 Friese artikelen.  
Vandaag besteld,  
overmorgen in huis!

[www.frieze-producten.nl](http://www.frieze-producten.nl)

06-53259385

## HAIRSTYLING DICK

UW HAAR IS ONZE HOOFDZAAK

# 055 3555991

ASSELSESTRAAT 269  
7312 CV APELDOORN  
06 55558174

HAIRSTYLINGDICK@HOTMAIL.COM  
ING 653115008

# HOZA

## SUPERCENTER

Voor vakman en hobbyist

GEREEDSCHAPPEN - TUINHOUT - TUINMEUBELEN

Zwolseweg 323 7345 AA WENUM-WIESEL

055 - 521 98 75 \* [info@hoza-apeldoorn.nl](mailto:info@hoza-apeldoorn.nl) \* [www.hoza-apeldoorn.nl](http://www.hoza-apeldoorn.nl)

# **Lytse kommeedzje út Drachten spilet**

## **“Fan hûs en hiem”**

**Op sneon 8 maart yn Ugchelens Belang**

**Bogaardslaan 81 Ugchelen**

**Oanfang 14.00 oere; sael ypen om 13.30 oere**

**“Fan hûs en hiem”, een komyske thriller fan Karin Zweers,**

Kees en Marja van Wijngaarden binne in trochsnee pear dy't tegearre in noflik libben ha. Marja is tige tefreden mei it libben dat se hat, mar Kees wol syn dream ferwêzenlikje: in kemping yn it bûtenlân begjinne. Om alles betelje te kinnen moat harren frysteande jierren tritich wenning ferkocht wurde. Marja hat it hûs fan har tante Irene urven en hinget der hiel bot oan. Dêrom sjocht sy dy emigraasjeplannen ek hielendal net sitten. Dêr komt by dat se in grut geheim hat. Sy hat nammentlik destiids it hûs net allinich urven, mar tegearre mei har suster Anoeke, dy't al jierren út byld is en ûntwikkelingswurk docht yn Afrika. Kees hat dêr gjin weet fan.

As dizze suster dan ynienen op 'e stoepe stiet, dan is it dien mei de rêst. Der barre allerhanne komyske komplikaasjes, der't smaaklik om lake wurde kin.

Wy hoopje op in grutte opkomst. Dus net stinne mar derhinne.

**Yntree foar leden € 20,- en net leden € 22,50**

**Schippersvrouwen door Sippy Tigchelaar en Alice Booij op 12 april**

Nei de ledegearkomste op 12 april komt Sippy Tigchelaar om te fertellen oer har boek 'Schippersvrouwen'. De rol fan de skippersfrou yn de binnenfeart bliuwt meastentiids ûnderbeljochte. Mar dochs is er altyd fan ûnskatbere wearde west. Tegearre mei har man, en faak ek harren bern, hâld se it skip 'yn 'e feart'. Hoe belibben de frouen oan board fan skûtsjes en oare frachtskippen de skipperij? Sippy Tigchelaar komt tegearre mei in skippersfrou om te fertellen oer dit hurde bestean.

## **Wurklist Algemiene Ledegearkomste oer it kritejier 2024 fan it Frysk Selskip 'Fier fan Hûs' 12-04-2025**

### Konsept

1. Iepenjen
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Meidielings – betinken fan de leden dy't ús ûntfallen binne yn 2024
4. Ynkommen en útgjene stikken
5. Ynfentarisasaasje punten fan omfreegjen (sjoch wurklistpunt 14)
6. Oantekens fan de ledegearkomste fan 13-04-2024 (oer it jier 2023),  
De oantekens steane earne oars yn dizze Pinne
7. Evaluaasje fan it kritejier 2024
8. Jierferslagen oer 2024:
  - 8.1. fan de skriuwer
  - 8.2. fan de ponghâlder
  - 8.3. exploitaasjerekken 2024
  - 8.4. balâns
  - 8.5. fan de boekeferkeap
  - 8.6. fan it kriteimeilibjen
  - 8.7. fan de kaskommisje – de kaskommisje bestie út hr. Beldman en hr. Toering
9. Konsept begrutting 2025 en 2026
10. Beneaming nij lid fan de kaskommisje  
Hr. Toering is ôftredend. Ynkommend is it reservelid. Der moat noch in reservelid komme, dy't yn 2027 meidocht.
11. Bestjoersferkiezing
  - 11.1. Skriuwer. Gerrit Stegenga is ôftredend. Hy is werkiesber.
  - 11.2. 2<sup>e</sup> Ponghâlder. Froukje de Wilde is ôftredend. Sy is werkiesber.  
Tsjinkandidaten kinnen harren opjaan foar 1 maart by de skriuwer.
12. Wurklist 2025 – 2026
13. Omfreegjen
14. Sluten

# **Oantekens Algemiene Ledegearkomste 2023 fan it Frysk Selskip “Fier fan Hûs”, Apeldoorn op 13 april 2024 yn de Duiker, Ugchelen**

(Konsept)

## **1. Iepenjen**

Om 14.00 oere iepenet de foarsitter, Henk de Boer, de Algemiene Ledegearkomste fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" oer it jier 2023, yn de Duiker te Ugchelen. Oanwêzich binne Henk de Boer, foarsitter en ponghâlder (a.i.), en bestjoersleden Lammert v.d. Meulen en Gerrit Stegenga (skriuwer). Bestjoersleden Froukje de Wilde (hat in krémaasje), Atsje Kooistra (fakânsje) binne der net. Der binne fierder 16 leden; dêrûnder de eareleden Aafje Miedema, Lammert Toering, Theun Ruim en Hennie Wiersma. Ofmeldings binne der fan José Bonder, Wouter en Aukje de Boer, Tinus en Truus Klooster, Sino Hofstra, Jeep de Jong en Gé Oosterhoff. De foarsitter seit dat dizze gearkomste eins de ein fan it seizoen is. Yn septimber starte wy wer mei de kritermiddei. Hjirmei is de gearkomste, dy't giet oer it jier 2023, iepene.

## **2. Fêststellen fan de wurklist**

Oan 'e wurklist wurdt neat tahekke.

## **3.**

## **4. Meidielingen**

De minsken dy't harren ôfmeld hawwe, wurde neamd. Hjirnei wurde de leden dy't yn 2023 ferstoarn binne, steand betocht. Henk de Boer seit dat nei de gearkomste Gerrita Otten, fan de krite Utert/Seist komme sil, mei har kwis oer Fryslân. Fierders seit Henk dat op 26 oktober it teaterselskip Fjoer komt, mei harren stik 'Alles went'. Dit sil opfierd wurde yn Ugchelens Belang. Gerrit Stegenga dielt mei dat de krite Hurderwyk okkerdeis opheft is. Sy hawwe harren leden frege oft se de e-mailadressen trochjaan mochten oan de kriter fan Apeldoarn, Lelystêd en Swol. Dat mocht. Dizze minsken binne allegearre oanksreaun, en 2 dêrfan hawwe oanjûn dat se graach op 'e hichte bliuwe fan ús aktiviteiten. Dat kin fia de e-mail.

## **5. Ynkommen en útgjene stikken**

Der binne gjin ynkomen en útgjene stikken dy't yn de gearkomste neamd wurde moatte.

## **6. Ynfentarisasje punten fan omfreegjen (sjoch wurklistpunt 14)**

Der binne noch gjin minsken dy't wat te freegjen hawwe.

## **7. Oantekens fan de Algemiene Ledegearkomste fan 14-04-2023 (oer in kritejier 2022)**

De oantekens steane yn de lêste Pinne. Der binne gjin fragen of opmerkings oer. Se wurde fêststeld mei tank oan de gearstaller.

## **8. Evaluaasje fan it kritejier 2022**

Dit punt wurdt behannele tagelyk mei punt 9.

## **9. Jierferslaggen**

### **9.1. fan de skriuwer**

De gearkomste hat gjin fragen of opmerkings oer it jierferslach. It stie yn de lêste Pinne. It jierferslach wurdt fêststeld, mei tank oan 'e gearstaller.

### **9.2. fan de ponghâlder**

#### **9.2.1. eksploitaasjerekken 2023**

Henk de Boer jout in taljochting op de sifers dy't yn de gearkomste útdield binne. Der binne guon leden dy't harren kontribúsje oer 2022 pas yn 2023 oermakke hawwe. Dat bart eins elts jier wol, dat se nei 31 desimber betelje.

Der is in tekoart fan € 705,- en dat sil de kommende jierren ek sa wêze. Wy buorkje stadich efterút, mar sille besykje dat wy it jubileum yn desimber 2026 (125 jier) noch helje.

Fierders binne der gjin fragen oer de eksploitaasjerekken.

9.2.2. balâns 2023

Der binne gjin fragen oer de balâns.

9.3. fan de boekeferkeap

De boekeferkeap levert dochs elts jier noch wat op. Froukje de Wilde wol graach witte oft de leden de boeketafel yn stân hâlde wolle. Dat wolle se. De tafel is neist in ferkeapplak en in moetingssplak en dat moat sa bliuwe. De leden binne bliid dat er der is.

9.4. fan it kriteimeilibjen

Hennie Wiersma jout ynsjoch yn it wol en wee fan it kriteimeilibjen. Yn 2023 wie it net nedich om de kas oan te foljen.

**Oersicht kriteimeilibjen 2023**

|       | Yn     | Ut     |
|-------|--------|--------|
|       | 111,60 | 167,2  |
| Saldo | 119,86 | 64,26  |
|       | 231,46 | 231,46 |

9.5. fan de kaskommisje

De kaskommisje, hr. Toering en hr. Nieuwland, hat de boeken neisjoen. Lammert Toering docht ferslach:

*“Op 21 maart hawwe Johan Nieuwland en ik kaskontrôle hâlden by ús foarsitter én ponghâlder, Henk de Boer, yn Brummen; in man mei twa petten en ik hoopje dat Henk hjoed efkes langs de kapstok gien is.*

*Wol aardich gau sieten wy oan de kofje mei in heerlike fulde koeke.*

*Nei in lyst skoftke moast it mar heve.*

*Henk hat in laptop en de útprinte losse blêden leine klear. Henk siet oan de iene kant fan de tafel, wy, de kontroleurs, oan de oare kant. Ien foar ien skowde Henk ús in blêd ta. Fraach – en oarsom. It gong fan in leien dakje.*

*Yn it kriteblêd ha wy lêze kind it ferslach fan ferline jier: loovjende wurden. Dat is dit jier net oars!*

*It gehiel seach der kreas, korrekt en oersichtlik út. Gjin foutsje fûn. Dus it sifer dat wy jaan wolle is in dikke 10! It kaam út de LAPTOP en wie TIPTOP yn oarder.*

*Ta beslút kinne Johan Nieuwland en ik, Lammert Toering, ferklearje oan’t bestjoer fan de Fryske Krite Fier fan Hûs te Apeldoorn, dézjarge!”*

De gearkomste nimt dit mei applaus oer.

**10. Konsept begrutting 2024 en 2025**

Henk de Boer jout taljochting. De begrutting giet oer 2 jier, want mei 2024 binne wy al úteinset.

Der is in tekoart begrutte fan sa’n € 720,-. Dat sil de kommende jierren net oars wurde. Der binne gjin fragen oer de begrutting.

**11. Beneaming nij lid kaskommisje**

Hr. Nieuwland is ôftredend. Hy wurdt betanke foar syn wurk. Reservelid Gerard Beldman wurdt no kaskommisjelid neist Lammert Toering. Fanút de gearkomste is der gjin oanmelding foar reserve kaskommisjelid. It bestjoer sil de ledelist neigean en minsken benaderje. Der moat wol ien komme.

**12. Bestjoersferkiezing**

12.1. Ponghâlder

It bestjoer is der yn slagge en fyn in geskikte kandidaat yn de persoan fan de hear Piet Ypma. Hy fertelt it ien en oar oer himsels. Fierders seit er dat, as hy ponghâlder wurdt, der gjin kontante kontribúsje mear betelle wurde kin. Alles moat

fia de bank. Dat is folle nofliker en makliker.

Op de fraach oft er ponghâlder wurde kin, andert de gearkomste mei applaus. De hear Ypma nimt sit yn it bestjoer.

12.2. 2<sup>e</sup> foarsitter

Dizze fakature is noch net ynfold. It bestjoer stelt út om dat no ek noch net te dwaan. It wurk kin mei it deistige bestjoer wol dien wurde. De gearkomste is it hjir wol mei iens.

12.3. Gastfrou

Fr. Atsje Roorda is ôftredend, mar wol werkiesber. It bestjoer stelt út om har wer yn te hieren. De gearkomste fynt dit in goed idee en hat der applaus foar oer.

### 13. Earje en wurdearje

Der wurde dit kear gjin spjildsjes útjûn.

### 14. Wurklist 2024 - 2025

Op 18 septimber start it nije seizoen mei de kritermiddei yn de Duiker. Earst efkes mei de kontaktpersoanen en dernei... dat bliuwt noch efkes in ferrassing. En fierders:

- 26 oktober komt teaterselskip Fjoer mei harren foarstelling 'Alles went...'. Yn Ugchelens Belang; start 14.00 oere.

- 11 jannewaris de nijjiersbesite yn Ugchelens Belang.

- yn maart in kritermiddei yn Ugchelens Belang.

- 12 april de ledegearkomste yn de Duiker.

Fia de Pinne en de kritebrieven komt der mear ynformaasje as dat der is.

As de minsken gaadlike stikken witte, dan graach trochjaan oan it bestjoer.

### 15. Omfreegjen.

Lammert Toering neamt Sippy Tichelaar, hurdrydster, kommentatrise fan it skûtsjesilen en skippersfrou, dyt in nijsjirrich ferhaal hat oer dizze saken. Faaks is dit wat foar in kritebarren. It bestjoer sil der mei oan 'e slach.

### 16. Sluten

De foarsitter seit tank oan de oanwêzigen foar kommen en ynbring en slút de gearkomste.

Hjirnei komt Gerrita Otten (fan de krite Utert/Seist) mei har kwis oer Fryslân. Tige nijsgjirrich, mar ek learsum. It wie in tige gesellige middei.

April 2024

Gerrit Stegenga

## Jierferslach oer it jier 2024 fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" te Apeldoarn. (Konsept)

### Bestjoer:

It bestjoer fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" bestie it jier 2024 út:

Henk de Boer, foarsitter, Gerrit Stegenga, skriuwer, Froukje de Wilde, 2<sup>e</sup> ponghâlder en boekeferkeap, Lammert van der Meulen, algemien lid en regelaar foar de ferlotting, en Atsje Roorda-Kooistra, gastfrou.

It bestjoer kaam yn it jier 2024 seis kear byelkoar om de jûnen en middeis ta te rieden en de rinnende saken te besprekken. Dat wie op 14-01, 15-02, 25-04, 15-08, 03-10 en 28-11.

### Kriteaktiviteiten:

It kritejier 2024 gong útein mei de **nijjiersbesite op 13-01-2024**. Dêr kamen 26 iters op ôf, en dy hienen in gesellige middei. Foar dat it stampot-iten begûn, hâlde ús lid hr. Beetstra in

nijsgjirrich ferhaal oer Dokkum. Foaral foar de minsken dy't dêr út de omkriten weikomme, wie it tige werkenber. It iten foel ek yn 'e smaak. En fansels.... byprate.

Op **09-03-2024 hienen wy de earste kitemiddei**. Op it program stie Kabaret Noordenbos en Ko mei harren programma 'Gjin C te Heech'. Sy soenen yn 2023 al komme, mar dat koe doe net trochgean. No wienen se der. It wie in sukses.

Nei ôfrin hawwe guon minsken noch mei-inoar iten; ek dat wie tige gesellich.

Op **16-03-2024 hâlde it Keninklyk Frysk Boun om Utens de Algemiene Ledegearkomste** en ek de Moetings- en Ynspiraasjemiddei yn Meppel, dêr't de krite 'Waling Dykstra' harren 100 jierrich bestean fierde. De hearen Waling Dijkstra, Goffe Jensma en Abe de Vries hâlden alle trije in petear oer Waling Dijkstra, ek wol 'Waling-om' neamd. It ferhaal foel yn de smaak. Neitiid hie de Fryske troebadoer Piter Wilkens de seal moai yn de greep, mei syn ferskes en ferhaaltsje.

De **ledagearkomste fan ús krite waard hâlden op 13-04-2024**. In moaie opstekker wie dat der no wer in ponghâlder beneamd wurde koe: de hear Piet Ypma, fan Lettele hie him reeferklearre. Gastfrou Atsje Roorda wie ôftredend, mar koe wer ynhierd wurde. Beide minsken waarden mei handsjeklap beneamd.

Mei dizze ledegearkomste waard it seizoen ôfsluten.

It nije seizoen gong fan start mei **de middei foar kontaktpersoanen op 18-09**. Foarôfgeand oan de middei hie it bestjoer in lyts petear mei de minsken fan it kriteilibjen. Efkes freegje hoe't it giet en sa. Der wienen gjin swierichheden.

Nei't de organisatoriske saken mei de kontaktpersoanen ôfhannele wienen, spilen wy wat potsjes bingo en seagen wy in pear ôfleveringen fan de Fryske Kanon. It wie in gesellige middei, dêr't ek romte wie om wer efkes by te praten.

Op **26-10-2024 kaam it kabaretselskip Fjoer**, mei harren stik 'Alles went...'. It stik foel yn de smaak, al koe net eltsenien alles goed ferstean. Mar ja, men kin net alles hawwe, wol?

Dêrmei kaam in ein oan it kritejier 2024.

#### **Oare aktiviteiten:**

De boekeferkeap rint noch hieltyd aardich. Froukje de Wilde hat der noch wol nocht oan om de boeken te ferkeapjen.

En dan it kriteilibjen. Hennie Wiersma en har helpers José Bonder en Sietske Stegenga binne der drok mei. De leden fan de krite wurde âlder en freegje dêrom hieltyd mear omtinken. It wurd dreger foar de froulju. Yn it ôfrûne jier binne 7 leden ferstoarn en hawwe 4 harren lidmaatskip opsein. Op 31-12-2024 wienen der noch 81 leden.

De kontaktpersoanen soargen, ûnder lieding fan Johan Nieuwland, derfoar dat de Pinne's en de kritebrieven by de leden komme, foar't safier de kritebrieven net fia de mail ferstjoerd wurde. Der komme 2 Pinne's út en 3 kritebrieven.

Kritebrieven yn april, septimber en desimber.

Pinne yn febrewaris en oktober.

Henny Wiersma ferkeapet op de kritegearkomsten har selsmakke kaarten. Lammert van der Meulen soarget foar de prizen by de ferlotting. En by dy ferlotting wurdt hy assistearre troch in oantal leden dy soargje foar de lotteferkeap.

#### **As lêste:**

Alle leden fan "Fier fan Hûs", dy't der foar soargen dat yn it ôfrûne kritejier de Fryske taal en kultuer wer heech hâlden binne yn Apeldoorn en de wide omkriten, tige tank.

Sa hâlde wy de krite libben.

Apeldoarn, febrewaris 2025, Gerrit Stegenga en oaren

H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S.

H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S.



Speulderweg 24  
3886 LB Garderen  
Tel (0577) 41773



**EN ZO DICHTBIJ.....**

0515 - 413 487

**FRYSK EN FARSK**  
**DE HAAN'S BAKKERIJ**  
**HOOGEND 13-15 SNEEK**

## In dei nei Ljouwert

Froukje de Wilde

De protte donkere en reineftige dagen dienen ús besluten en gean in dei nei Ljouwert. Efkes wat oars!



Earst tsjinoer it stasjon kofje drinke en fansels mei in stikje oranjekoeke derby.

Dan nei it keramykmuseum Princessehof, it eartiidse stêdspaleis.

It is in gebou mei in rike skiednis. Eltsenien wit dat fanôf 1731 – 1765 Maria Louise von Hessen-Kessel hjir wenne hat. Sy wie populêr yn Fryslân en waard Marijke-Meu neamd.

Yn 1898 is Escher – de letter befaamde grafikus – yn it Princessehof berne. Hy hat hjir mei syn âlden oant 1903 wenne.

Wurk fan Escher

Wy gongen foar de tentoanstelling ‘**Wu Zetian**’. Wu Zetian, berne yn 624 en ferstoarn yn 705, is begûn as konkubine en letter opklommen ta frou fan de keizer. Sy rôp harsels yn 690 út ta ‘regearjend keizer’ en hie dizze funksje sa’n fyftjen jier. Sy wie de ienige froulike keizerin fan Sina.

Yn it museum binne in protte skatten út dizze perioade te besjen. It is net te leauwen hoe goed de keramyk – faak grêfgiften - de toskan fan ‘e tiid trochstien hawwe.

Dizze tentoanstelling kin ik eltsenien oanriede; hy is noch oant 25 maaie te besjen.



## In gedicht fan Aafje Miedema-Loonstra

Yn in pear wurden

Earst in widze om  
te bewenjen  
dan it hûs, it hiem, de wei:  
ut 'ebernewein  
op 't fytske en  
aanst nei skoalle, elke dei...

Boartsje, leare,  
wrotte om in plakje  
op 'e wrâld;  
libje, leavje,  
leauwe, lije en  
yn in sucht hast, is men

âld.

út:de greide wie ús blommetûn  
fan Aafje Miedema-Loonstra

**Ik kin it net litte om noch wat te skreauwen oer de nije boeken.**

As earste: ***“It roer moat yn it wetter bliuwe”***



**Dit is it ferhaal fan Durk van der Schaaf** . (90 jier) út Bitgummûne. Van der Schaaf wie pionier wat de biologyske lânbou oanbelanget, mar ek fan de Fryske taal en kultuer. Syn stelregel is ***“Dy’t net doart te ferdwalen fynt nea in nije wei”***. Durk van der Schaaf wie altyd warber, ûndernimmend en hat boppesteande yn syn libben grif tapasse.

Syn ferhaal is opskreaun troch **Bjorn de Jong**

De priis fan it boek is € 12,50

Te keap by Afûk



***Foar altyd yn ús hert*** is in boekje mei Fryske rou-teksten en gedichten. It ûndersteande gedichtsje is in foarbyld.

*“Soms is der safolle  
wat wy fielle  
mar sa’n bytsje  
wat wy sizze kinne”*

**Foar altyd yn ús hert is skreaun troch: Dieuwke van der Meer Posthumus**

De priis is € 8,95

Te keap by Afûk



Fryslân lân fan talen, fertelt oer de skiednis fan it Frysk; wer’t it weikomt, hoe âld it is. Yn de rin fan de iuwen is it faak feroare mar ek de ynfloed fan oare talen lykas Latyn, Fransk, Nederlânsk en de lêste tiid ek it Ingelsk.

Yn it boek stean yllustraasjes dyt’t it ferhaal fan de Fryske taal mear ynsicht en ek neisgerricher meitsje.

It boek is skreaun troch:....

De priis is: 22,50

Te keap by Afûk

Ik seach it nije boek fan Anne Goaitske Breteler

***“De laatste dagen fan de dorpsgek”***

Sy fertelt dat Reinder Brolsma har oerpake wie.

Ik in fraach: Wa fan jimme hat in boek fan **Reinder Brolsma** wat ik in kear liene kin?

*Froukje de Wilde*



# Fleurop



bloemen met een boodschap

*Wy binne net de grutste en wis ek net de goedkeapste. Wat wy wol bewoare:*

***Wy hawwe in grut assortimint tsjin reedlike prizen.***

*Jo moatte mar ris komme te sjen !!!*

H.J. STEGEMAN

Email: [margrietbloemen@vbw-groenplein.nl](mailto:margrietbloemen@vbw-groenplein.nl)

[www.flowerserviceapeldoorn.com](http://www.flowerserviceapeldoorn.com)

**Schubertlaan 20, 7333 CV Apeldoorn, Till. 055-5332655**



FUTURUM GEAR  
ONLY AVAILABLE AT [WWW.FUTURUM.CC](http://WWW.FUTURUM.CC)

These garments weren't designed for ordinary people. They were designed for cyclists. Half man, half bike. Both halves as light as possible, so they can carry the heavy desire of the mind. And the pain.

Futurum is a natural born cyclist. Futurum feels what you feel. Whether it's the excruciating pain in your legs or the indescribable sense of fulfillment when the ride is over. Futurum understands why on earth you keep on getting back on your bike over and over again.

Futurum knows you need an outfit that takes you through the torment. An outfit that makes you look good and feel good, despite your agony.

It flashes through your mind

"Why am I doing this?"

But you know there will be a next time.

And a next one!

**FEEL FREE. FUTURUM.  
THE CYCLING EXPERTS.**

**Petersburg, Moskou, Egypte, Frankryk, Kanada, Amerika. Men soe tinke men is wiken ûnderweis om by al dizze plakken te kommen. Mar by de turfroute slagget it yn ien dei. De turfroute is in faarroute yn súdeast Fryslân.**

Buerten en strjitten ha betiden bisûndere nammen, dêr't men net fan wit wêr't se weikomme. Fraachtekens en ferhalen. By Wynjewâld leit oan de turfroute de útbuorren Klein Groningen. De namme komt fan it ûnderwilens sloopte bûterfabryk oan de Opsterlandse Compagnonsvaart. De namme Klein Groningen moat kommen wêze troch Grinzer feanarbeiders dy't hjir del kamen. De kant fan Donkerbroek út leit Petersburg. En dat liket wer op Sint Petersburg ek al omdat Moskou dêr tichtbij leit. De namme Petersburg soe komme fan de turfstekker Pieter Blauw. Blauw hie dêr ein achttjinde ieu in kroech. Nei syn dea sei men Pieters burcht, letter Petersburg.

### **Moskou en Egypte**

Moskou soe ferneamd wêze nei in buorkerij mei deselde namme. Dat kin wol wer wize nei Petersburg, mar miskien is it ek oarsom. De buerten ûntstienen tichteby de brêge oer de Opsterlandse Compagnonsfeart. Eintsje fierder nei it súden bij Nijeberkoop leit Egypte. De namme kin ek fan in buorkerij komme. Efkes fierderop is Frankryk. Ek wer ferneamd nei in buorkerij. It liket der net op. Historisy tinke earder oan in link mei de famyljenamme Frankena. Der wurdt ek oars oer tocht. Yn dy regio wie der geregeld rúzje tusken de lju dêre. En dat yn de tiid, dat der oarloch wie yn Frankryk.

### **Oer de grutte plasse**

In stap oer de grutte plasse kinne wy letterlik en figuerlik sette op de grins fan de doarpen Elsloo en Appelskea. Dêr leit Kanada mei rékreaasje plasse Kanadameer. Hjir kin ek in pleats mei deselde namme ferneamd wêst ha. Rékréaasje yn Kanada kin moai kombineare mei Amerika. Krekt oer de Drintse grins leit Amerika, yn de trijehoek Haulerwyk, Eén en Zevenhuizen. Rom hûnderd jier lyn stichte by it oanmeitsjen fan de grutte heidefjilden Steenbergerveld en Eénerveld. Belangryk part yn Amerika is it rékréaasjegebiet Ronostrand. Earst in sânflakte, no in plak, dêr't tûzenden minsken simmers harren fernúverje.

### **Fytsroute.**

In fytsroute fan 58 kilometer ferbynt de ynternasjonale plakken. Start yn Klein Groningen op knooppunt 47, dan nei 88-01-07-20-72-22-38-28-30-19-21-33-23-82-87-86-81-24-10-55-88 en 47. Amerika leit te fier. Amerika is te berikken út it sintrum fan Oosterwolde wei fia 50-54-56-91-98-95-86-65-68 en 66, lengte 21km inkelde reis.

### **De hazze en de slak (Junyk)**

De hazze sei:  
'Wat binne wy moai fuort'  
'No' sei de slak,  
'Ik mis myn eigen guod.  
Ik bin hjir noch net  
hielendal goed te plak.  
Hoe fielt do dy  
sa op dyn gemak?'  
'No', sei de hazze  
'dat is net sa hiel gek,  
want do, myn allerleafste freon,  
bist hjir ek'.

It is fyftich jier lyn, dat ik it wurd kompjûter foar it earst hearde. Dat wie yn'e tiid, dat ik mei Annie Feitsma út'e Pinne opmakke. Annie typte en it woe wolris dat mij letter wat yn't sin kaam, dat oars moest. Dan wer op'e fyts nei de Maasstraat en as it sa útkaam bleau ik dêr te iten. Gado – gado wie in spesialiteit fan Annie. Op't heden giet it al oars. De tekst wurdt mei de email ferstjoerd en dan redt Henk hem dermei.

It typen doch ik no sels. It hyt tekstverwerken. Leau'k. Der binne lju dy't type kinne wylst se nei it skerm sjogge. Sechstich oanslaggen yn'e minút. Dat wol net slagje at je allinne mei ien finger type. Moai, as je't oan tiid ha.

Buorman Leo Tersteeg, ien fan ús leden, hie mij ynwijd yn it kompjûterwurk. Men koe der maklik sifers mei útrekkenje. Fierder gie it net yn it earstoan.

Foar hûndert gûne naam ik letter sa'n ding oer. De systemen feroaren algedueden, ik moest fleksibel wurde. Doe't ik yn Dútslân soe te fytsen koe ik adressen fan hotels fine, mei in telefoannûmmer en in kaart mei it adres. Praktys. Dêr hat booking.com no wat oan dien. It is net de bedoeling dat josels kontakt meitsje mei in hotel. Wa't nei NHZandvoort bellet bijgelyks krijt kontakt mei Madrid en at je it op papier (sels printsje) ha wolle, krije je 6 grutte fellen. It Oranjehotel yn Ljouwert en de Stadsherberg yn Frjentsjer dêr ha ik it nûmer fan, kin ik sels wat mei regelje. Bijgelyks dat ik in keamer ha wol mei in inloepdouche. Op in kear hie ik in keamer mei in bad. Deryn stappe slagge wakker. Mar sa'n bad kin men net altyd yn bliuwe, it wetter wurdt kâld, en sa stadichoan wol men wat oars. Der wer út wie in oare saak. Ik glied alle kanten út. It wie in wrakseling fan in kertier as langer. Bloed. Op't lêst koe ik mei in kleedsje wat fêstichheid krije yn 'e tobbe. Dus tonei earst fernimme nei de waskmoochlikheden.

Mei de tiid wie de kompjûter fan hundert gûne ferfongen troch in djoerder apperaat. In printer derbij. Dêr hearden cartridges yn, dy moesten omwiksele wurde. Sa stadichoan is dat no wat simpeler, yn it earstoan wachte ik derop as der ien bij de doar kaam dy't der ferstoan fan hie. Dat wie Homme fan de krite, it hie net better kinnen.

Opheden ha ik it nijste fan it nijste: Windows 11. Ik hie it ding sels nooit oan'e gong krigen, ik hie gelok. In jier lyn bin ik omnukt mei de fyts, troch alle argewaasje dernei kaam ik yn'e kunde mei in kompjûterfreak, dy't nocht hat oan it oplossen fan dizjitale problemen. Dizze persoan, ien mei ingelengeduld, nedich om in âld minske bij te stean, besykje ik op alderhande menieren it nei't sin te meitsjen. As jim mij treffe yn in restaurant mei in jongere man, dan witte jim fan hoe en wat.

In bytsje emaille, betelje mei ynternet bankieren, in kaartsje printe, dat is it sawat. It heart derbij.



## Kontakt persoanen

|                               |                                                           |
|-------------------------------|-----------------------------------------------------------|
| Dhr J. Nieuwland              | 2e Johannesstraat 19, 7331 CE Apeldoorn,<br>055-5332130   |
| Dhr. S.P. Hofstra             | Prins Mauritslaan 7, 7316 EL Apeldoorn<br>06-49101989.    |
| Mefr. A. Dwarshuis-van Driel  | Zwolseweg 40, 7315 GM Apeldoorn<br>055-5220114            |
| Dhr. L. van der Meulen        | De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen,<br>055-5341500         |
| Mefr. S. Stegenga – Schilstra | Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn<br>055-3556700         |
| Dhr. L. Toering               | Wim Helderlaan 13, 7334 CR Apeldoorn,<br>055 5338734      |
| Mevr. D. Jonker-Faber         | Gildenlaan 377, 7329 EC Apeldoorn<br>055-                 |
| Mevr. S. van Dijk             | Gildenlaan 349, 7326 ZE Apeldoorn<br>055-                 |
| Dhr. P. Slump                 | Sluisoordlaan 29, 7323 EK Apeldoorn<br>055-3667565        |
| Mefr. A. de Boer – Holwerda   | Lindelaan 22 , 7391 JZ Twello,<br>0571-273036             |
| Mefr. F. de Wilde - Witteveen | Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek,<br>0313-654859         |
| Dhr. G. Beldman               | Het Have 12, 7232 DT Warnsveld,<br>0575-525504            |
| Mefr. A. Roorda – Kooistra    | Karel de Grootelaan 221, 7415 LV Deventer,<br>0570-591174 |

## Ut 'e Pinne is it ferieningsblêd fan it Frysk Selskip 'Fier fan Hûs' Apeldoorn

**Utjefte:** Frysk Selskip "Fier fan Hûs" Apeldoorn, 58<sup>e</sup> jiergong nûmer 2 febrewaris 2025

**Redaksje:** Henk de Boer, De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen, 06-53929111

[henkank.deboer48@kpnmail.nl](mailto:henkank.deboer48@kpnmail.nl)

### Lidmaatskip

Frysk selskip "Fier fan Hûs" Apeldoorn

Ynlage foar in jier € 15,00

Betankje allinnich skriftelik en foar 1 novimber by de skriuwer. Op 1 novimber wurdt it lidmaatskip automatysk mei in jier ferlinge.

**Kontribúsje betelje op NL67 RABO 0303 3512 17 o.n.f. Fier fan Hûs**

Een veilige haven  
in moeilijke dagen



ROUWCENTRUM

**Rouwenhorst**

SINDS 1901

Christiaan Geurtsweg 24 - 26

7335 JV Apeldoorn

055 - 5414089 (dag en nacht)

[www.rouwcentrum-rouwenhorst.nl](http://www.rouwcentrum-rouwenhorst.nl)

